

Beslút ta fêststelling fan subsydzjeplafond en iepenstelling fan de Subsydzjeregeling Frysk foar no en letter dy't heart by it beslút fan Deputearre Steaten fan 2 april 2024

Mei it each op kêst 1.5 fan de Algemiene subsydzjeferoardering provinsje Fryslân 2013,

stelle Deputearre Steaten fan provinsje Fryslân foar de **Subsydzjeregeling Frysk foar no en letter** de neikommende subsydzjeplafonds en de iepenstelling fêst:

Kêst 1 Subsydzjeplafonds en iepenstelling

- De dielplafonds foar de subsidiabele aktiviteiten as beneamd yn kêst 7, oanhef, ûnderdielen a oant en mei d fan de Subsydzjeregeling Frysk foar no en letter binne fêststeld as neikommende.

Aktiviteit	Dielplafonds	Ferwizing
Dielnimmen oan in skoallings- of opliedingsaktiviteit op it mêd fan de Fryske taal en kultuer of meartalige didaktyk	€ 75.000	Kêst 7, oanhef, ûnderdiel a
Oanskaffen fan Frysktalige fysike of digitale lêsböeken, lesmetoaden of oar ûnderwiis materiaal	€ 225.000	Kêst 7, oanhef, ûnderdiel b
It dielnimmen yn organisearre groepsferbân oan in aktiviteit mei as eachmerk kultueredukaasje	€ 125.000	Kêst 7, oanhef, ûnderdiel c
It frijroasterjen en of ferfangen fan in wurknimmer of meiwurker	€ 175.000	Kêst 7, oanhef, ûnderdiel d

- De hjirfoar neamde subsydzjeplafonds jilde foar oanfragen dy't tidich ûntfongen binne yn de iepenstellingsperioade fan 9 april 2024 oant en mei 1 oktober 2024, 17.00 oere.
- De ferdieling fan de middels bart neffens kêst 5 fan de Subsydzjeregeling Frysk foar no en letter.
- Deputearre Steaten meie, nei it sluten fan de iepenstellingsperioade, de dielplafonds feroarje.

Kêst 2 Yngean en siteartitel

- Dit beslút wurdt neamd: Beslút ta fêststelling fan subsydzjedielplafonds en iepenstelling fan de Subsydzjeregeling Frysk foar no en letter.
- Beslút ta iepenstelling fan dit beslút wurdt fan krêft mei yngong fan de dei nei de datum fan útjefte fan it Provinciaal blad, dêr't it yn pleatst is. Foar safier't it buorkundich meitsjen fan dit beslút nei 9 april 2024 syn beslach krijt, wurket it werom oant 9 april.

Sa fêststeld yn de gearkomste fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan datum 2 april 2024

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

drs. ing. J.J. Algra, sekretaris